

FRYSLAN-A EKSAMEN
28 jannewaris 2017

II Tekstbegryp, taaleigen-, ynterferinsje- en oersetopdrachten 60 min.

Fan professor Hitoshi Kodama is dit jier in Frysk-Japansk wurdboek útkommen. Earder publisearre de Japanske taalgelearde al in Fryske grammatika yn it Japansk. Doe't ik de earste kear in mailsje fan Kodama krige, wie der yn in flits eefkes de eangst dat it in mei in firus besmet berjocht wêze soe. De Japanske tekens fertroude ik mar heal. Foaroardielen, sa

5 soe bliken dwaan. Neat mei de digitale post fan Kodama te rêden. Yn ien fan syn mailsjes joech de taalwittenskipper oan dat ik de 'airpost' mar goed yn 'e gaten hâlde moast. En sa barde it dat ik mids july in slúf, beplakt mei fleurige Japanske fûgeltsje-postsegels mei dêryn alle ynformaasje dy't ik oan de professor frege hie, fan it kokosmatsje krije koe. Oer syn ûnderfining mei de Fryske taal skriuwt Kodama: 'Goed fyftich jier lyn studearre ik Ingelske

10 taal en literatuer oan de universiteit fan Tokio. Ik wenne in lêzing by oer de skiednis fan dy taal. De dosint fertelde dat fan de Germaanske talen it Frysk it tichtst by it Ingelsk stie. Dat wie foar my in grutte ferrassing, want ik tocht dat dat it Dútsk wie. Sûnt dy tiid is de winsk bleaun om mear oer dy taal te witten.' Kodama skriuwt ek oer syn earste moeting mei Friezen dy't Frysk praten. 'Yn 1981 gie ik nei Ljouwert ta foar in besite oan de Fryske

15 Akademy. Underweis yn de trein kaam ik by trije famkes te sitten dy't ta myn grutte blydskip Frysk praten. Daliks besocht ik om harren in part fan myn Frysk materiaal lêze te litten. Sels no kin ik my noch yntinke hoe bliid oft ik mei de útspraak fan de Fryske taal wie. Doe't ik begûn mei myn wurdboek Frysk-Japansk, hie ik wol trije wurdboeken nedich om Frysk te lêzen: Frysk-Nederlânsk, Nederlânsk-Ingelsk en Ingelsk-Japansk.' Ik frege ek oft

20 it dreech wie om in wurdboek Frysk-Japansk te meitsjen. Dit wie syn antwurd: 'Der wiene benammen in soad kulturele ferskillen dêr't ik tsjinoan rûn. Wy hawwe bygelyks ferskillende wurden foar de fysike en de gefoelsmjittige betsjutting fan it wurd *hert*. Wat ek lestich is, is de útspraak fan de twa- en trijelûden yn tiidwurdsfoarmen as *priuwe-preau-preaun*. Dy klanken hawwe wy simpelwei net yn it Japansk.'

Ut in artikel fan Henk van der Veer yn *de Moanne* fan septimber 2004 (*oanpast*)

A. Lês de tekst goed troch en beäntwurdzje de fragen yn it Frysk yn folsleine sinnen. Mei-inoar kinne 20 punten helle wurde.

1. Wêrom wie de skriuwer fan it artikel benaud dat syn kompjûter besmet wie mei in firus (r. 3/4)? (2 punten)
2. Wêrom moast er de 'airpost' mar goed yn 'e gaten hâlde (r. 6)? (2 punten)
3. Yn r. 12 stiet: '... ik tocht dat dat it Dútsk wie.' Wêr slacht it twadde 'dat' op? (3 punten)
4. Wêr hearde professor Kodama foar it earst Frysk? Wie dat yn Tokio of doe't er yn Fryslân yn 'e trein siet? (1 punt)
5. Wêrom hie professor Kodama mar leafst trije wurdboeken nedich (r. 18)? (3 punten)
6. Yn r. 22 hat professor Kodama it oer de fysike (= letterlike) en de gefoelsmjittige (= figuerlike) betsjutting fan it wurd 'hert'. Jou fan elk fan beide betsjuttingen in foarbyld. (2 punten foar elk goed foarbyld)
7. Professor Kodama seit dat de tiidwurdsfoarmen 'priuwe-preau-preaun' lestich foar him wiene (r. 23/24). Wêrom fûn er dy foarmen lestich? (2 punten)
8. Op hokker trije manieren – oars as syn namme – wurdt Kodama yn dit fragmint oantsjut? (3 punten)

B. Jou mei eigen wurden en yn it Frysk de betsjutting of omskriuwing fan ûndersteande wurden út 'e tekst. Mei-inoar 20 punten.

- | | | |
|-----------------------------|--------------------|----------------------|
| 1. neat ... te rêden (r. 5) | 5. krije (r. 8) | 8. dreech (r. 20) |
| 2. barde (r. 7) | 6. moeting (r. 13) | 9. benammen (r. 21) |
| 3. mids (r. 7) | 7. besocht (r. 16) | 10. bygelyks (r. 21) |
| 4. slúf (r. 7) | | |

C. Meitsje de sin folslein mei ien fan de beide wurden tusken heakjes. Skriuw allinnich it goede wurd op. Mei-inoar 20 punten.

1. Jan wurket tsjintwurdich as offisier by de (loftmacht/luchtmacht).
2. Wat is it hjir (donker/tsjuster)! Wêrom is it ljocht net oan?
3. Sels ús beppe hat mear ferstân fan kompjûters (dan/as) ús heit.
4. Yn de tredde (rigel/regel) fan dit gedicht stiet in grouwe flater.
5. Beppe siet wol wat yn (need/noed) oer har beppesizzer, dy't hielendal allinnich op fakânsje gien wie nei Afrika.
6. Dy Tsjitske is mar in (sleau/snoad) famke. Hja wit altyd oeral it goede antwurd op.
7. Us jonges binne hielendal (oerstjoer/oerémis), no't pake ynienen ferstoarn is.
8. Fan ús mem moatte wy it iten net te hastich (trochslakje/trochslokke).
9. Men soe sizze: Sa'n (behindich/handich) mantsje en dochs sa sterk!
10. Ik soe dat rare wurd yn dyn mail mar leaver (weilitte/fuortlitte), as ik dy wie.

D. Folje it goede ferhâldingswurd yn. Mei-inoar 6 punten.

1. Ik hie juster safolle argewaasje ... it leven dat ús buorman makke, dat ik de plysje skilje woe.
2. Beppe wie ... de knibbels ... yn it wetter sakke, doe't it trije dagen efterinoar reind hie.
3. De lânboubedriuwen hawwe ôfrûne simmer in protte te lijen hân ... de fûle buien.
4. Wolle jo tenei wol rekken hâlde ... de fûgels as jo oan 't meanen binne?
5. Dêr hast hielendal gelyk ...

E. Folje yn: of, oft of as. Mei-inoar 6 punten.

1. Ik freegje my wol ôf ... hy dat wol dien hat.
2. Witsto wa't ferantwurdlik is foar dy plofkreak, Piet ... Aant?
3. ... ik dat witten hie, wie ik fuortgien.
4. It liket derop ... sil it hjoed moai waar wurde.
5. ... Ajax de wedstriid fan jûn no wint ... net is my likefolle.

F. Set de neikommende sinnen oer yn geef Frysk. Mei-inoar 15 punten.

1. Integendeel, als jullie binnenkomen, moeten jullie eerst de krant meenemen.
2. Er is tijdens hun vakantie namelijk bij de burens ingebroken.
3. Zij liggen daar met z'n zevenen te zonnen.
4. Ik weet niet meer van wie ik mijn nieuwe boek heb gekregen.
5. Anders nog iets? vroeg het aardige meisje in de winkel waarin wij terecht waren gekomen.

G. Meitsje geef Frysk fan ûndersteande sinnen. Ien punt foar elke goede ferbettering. Skriuw de hiele sin oer.

1. Wy hawwe uze hearlike sop yn 'e skaad fan it bosk lâns it wetter opiten.
2. Hy wie helemaal nei boppe klommen om nei de jonge fûgels te kinne sjen.
3. Us lytsbern hawwe der sa'n hekel oan om steeds tsjin de wyn yn fytse te moatten.
4. Ik haw jammergenôch erch weinich ferstân fan polityk.
5. Moai net, sa't dy trije famkes dêr tegearre oan 't boartsjen binne?